

Fan 'e brinne dy't net neatdwaan koe

Henk Wolf

Op 'e Brânsma's pleats wienen skorpioenen. It wienen net fan dy gewoane, skouwe, dy't stekke as jo de skoech oandogge dêr't se in sliepplakje socht ha, nee, it wienen feninige kringen sûnder skroom. De helte fan Brânsma syn skiep en al syn hinnen wienen al dea. Der wie ek in feint yn 'e foet stutsen en dy hie in pear rare nachten hân en dêrnei noch trije wike mei in swarte tean omhipt.

De oare boeren seagen al mei skrik nei hoe't it Brânsma fergong. Jelte-boer helle syn jonges derwei en Ates Minke sei de bestelling fan in weinfol kuil ôf, mei't dêr wolris in pear dy aaklike skorpioenen yn meikomme koenen.

Watze-boer syn feinten hienen Brânsma bystien yn 'e haaiinge. En syn eigenste soan hie der in karfol hinnekjitte helle. Doe't Watze dat gewaar waard, liet er fuort alle weinen dy't by Brânsma op it hiem west hienen, midden op lân sette en dêr stuts er se yn 'e brân.

Hy hie gelok: der kamen gjin skorpioenen by him op it hiem. Doe net. In moanne letter lei der in skiep dea. Doe in hin. En it duorre net lang of Watze-boer seach de skorpioen sitten.

- Aanst krijt er my by de tean! raasde syn grutfeint.
- En mei sa'n hean boarst kin er it wol bestjerre! raasde de brinne. Wy moatte wat dwaan!
Watze-boer sei: - it liket my de baas ta dat wy op bêd ynearsten de skuon oanhâlde. En de hokken himmelje wy tenei alle dagen. Der sil wolris sa'n skorpioen troch in skreefke krûpe, mar de measten hâlde wy dan wol bûtendoar. En it binne waarmelannebisten: fan 't winter frieze se wol dea.

Dat wie de grutfeint en de brinne net nei 't sin. Se dienen wol wat Watze-boer sei, sa lei it lân der no ienris hinne, mar it wie net fan herten. Se slepten min, gûlden om elke deade hin en se wienen hast ferromme doe't ien fan 'e fammen biten waard. It

wie in geef famke en nei in pear dagen wie se wer op 'e lappen, mar de grutfeint en de brinne mienden no al dat se tsjin 'e boer sizze koenen dat er ien oanhelje moast dy't doel hie oer skorpioenen.

Perfester Romkes wie sa'n man. Hy wie o sa beleard en der wie neat dat er net fan skorpioenen wist. Op dizzen nei. Want it wienen nijen, dizze soarte hie gjin minske oait wat oer skreaun. Dat ferdútste er Watze-boer en de frou dan ek, doe't dy by him op 'e stoepe stienen.

- Hoe krije wy dy dingen dan dea? jammere de brinne.
- No, sei perfester Romkes, der is in treflike manier om skorpioenen dea te krijen. Dat is fjoer. Dêr kinne se net oer. Oft dat foar dizze nijen ek jildt, dat wit ik net, mar jo soenen de buorkerij yn 'e brân stekke kinne.

- Binne jo mâl? rôp Watze-boer. Myn skoandere boerepleats, myn skuorren, myn guod, dat wol ik net kwyt.

- Man, jo ha ommers jild genôch! rôp de brinne. Op 'e bank stiet genôch om de pleats wer op te bouwen. !

- Och, minske, sei de boer. Wy witte ommers net hoe slim oft dy skorpioenen binne. Salang't it by dy deade bisten bliuwt en út en troch ris in feint mei in swarte tean, dan woe 'k fuort myn libbenswurk net yn 'e brân sette.

- Perfester! sei de brinne. Jo binne it der doch mei iens dat dy pleats platbaarnd wurde moat?

- No, sei perfester, dêr haw ik gjin doel oer. Ik wit allinnich dat dat wol in goede manier is om fan skorpioenen ôf te kommen.

- Mar wy moatte al wat dwaan! sei de brinne.

De frou die gjin lichten en se krige byfal fan de feinten en de fammen, dat lang om let joech Watze-boer belies. It fjoer gong yn 'e pleats.

- No sit ik sûnder wurk, sei de lytsfeint.

- Wêr moat ik no sliepe? frege de lytsfaam.

- Och, leave, sei de brinne. Watze-boer hat genôch jild op 'e bank. Dy ûnderhâldt jim wol oantsalange dat it nije spul der stiet.

Dat wie fansels net samar klear, dat Watze en de frou húsmanen ynearsten yn in karavan op it swartblikkere hiem. En seagen se dêr net in skorpioen omskarreljen?

- Fergif! rôp de brinne. Der moat fergif komme!
- Is dat no wol ferstannich? frege har man. Lit ús earst ...
- Nee! raasde de brinne. Kom op, nei perfester Romkes. Dy sil ús wol sizze dat it tûk is en brûk fergif.

Perfester Romkes hearde it ferhaal fan de brinne oan en sei:

- Ja, fergif is in goeie manier om fan skorpioenen ôf te kommen. Fan gewoane skorpioenen. Fan dizze nije soarte haw ik gjin benul.
- Dus riede jo oan om fergif te brûken? frege de brinne.
- No, sei de perfester, dêr weagje ik my net oan, mar oer it generaal is fergif in goeie manier om fan skorpioenen ôf te kommen.
- Mar dan groeit der yn gjin jierren mear wat op myn lân! sei de boer.
- Man, jo ha ommers genôch jild op 'e bank! sei de brinne. Tink om de grutfeint mei syn hean boarst. Tink om my! Do moatst wat dwaan!

Sa kaam it. En sa kaam it rûnom yn it gea. De iene pleats waard opbaarnd, de oare yn it fergif set en wer in oaren yn beton getten. En wis, der waarden wat langer wat minder skorpioenen sjoen.

- It is miskien wol goed om buorden op 'e reed te setten mei 'Foar skorpioenen ferbean!' sei de grutfeint.
- Unsin, sei perfester Romkes, dy't stadichoan in fêste gast yn 'e karavan wie.
- Mar ek net skealik, is it wol? frege de brinne.
- Wa sil dat betelje? frege Watze-boer.
- Och, man, as sa'n trouwe feint no better slept troch in boerd, wat soenen jo him syn nachtrêst dan ûntsizze? Jo ha ommers genôch jild op 'e bank.
- No, sei Watze-boer, dat wurdt sa njonkenlytsen al wat krap.
- Dan liene wy wol by buorman, sei de brinne. Wy moatte wat dwaan en yn skorpioentiden moat men inoar stypje.

Watze-boer sei in skoft neat, wylst de oaren it drok praten hienen. Hy lei in finger tsjin it kin, stoarre nei de souder en prakkesearre en prakkesearre mar. Op it lêst, nei heel lang neitinken, sei er:

- As der no noch skorpioenen yn it gea binne, krije wy se dan net wer op it hiem?
- Soe bêst kinne, sei perfester Romkes. Of net. Ik wit it net. Ik ha gjin doel oer dizze skorpioenen. It binne nijen, ommers.
- En as se dan komme, sei Watze-boer, dan sitte wy der wer mei oantangele. En dan is alle jild op.
- Man, sei de brinne. Wat woenen jo dan? Men kin doch net samar neat dwaan?